



Koekjes bakke

Tomke en Romke kinne hiele lekkere koekjes bakke! Wolst ek koekjes bakke? Heit of mem kin dy fêst wol helpe.

No kinne jim lekkere koekjes meitsje. Seevje de blom en doch it yn in mingskaal. Meitsje der in kûltsje yn en brek dêr in aai yn. Doch it giel fan it oare aai derby. Doch dan de sûker en de fanyljesûker derby. Snij de sêfte bûter yn in pear stikken en doch dy der ek by.

Waskje dyn hannen. No moatst alles gau trochelkoar knipe. Meitsje der in bal fan, wuolje dy yn plestik foly en lit him in oere yn de koelkast stean. Rôlje dêrnei it daai út mei in daairôle en stek der foarmkes út. Fansels kinst sels ek moaie foarmen meitsje. In moaie Tomke, of in Romke! Fetsje de bakplaat yn mei bûter. Sko de plaat yn de oven en bak de koekjes sa'n healoare (30 minuten). Tink derom, de koekjes binne wol hyt!

Do hast nedich:

300 gram blom
150 gram bûter
150 gram sûker
mespunt sâlt
1 pûdsje fanyljesûker
2 aaien

Kinst de koekjes ek noch fersiere mei snobkes.

